

Oan de FNP-fraksje
o.f. dhr. S. Knol

Ljouwert, 25 jannewaris 2022
Ferstjoerd, **26 JAN. 2022**

Ús merkteken : 01956648
Ôfd/Opjefte : Leefberens
Opsteld troch : 
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer de nijste sifers van CBS oer
ontjouwning van de Fryske befolking

Achte hear Knol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op
5 jannewaris 2022, beäntwurdzje wy as neikomt.

*Yn jo ynliding jouwe jo oan dat op 4 jannewaris 2022 it Sintraal Buro foar de Statistyk (CBS)
de nijste sifers bekend makke hat oer de ûntjouwning fan de befolking yn de Fryske
gemeenten. Neffens CBS-wurdfierder Dick ter Steege kin "de diskusje oer krimp foarearst
ôfsletten wurde".*

*Basearre op sifers en prognoazes fan doe binne yn 2015 foar it lanlike Twadde Aksjeplan
Befolkingsdelgong saneamde krimpregio's oanwiisd. Jo jouwe oan dat "dat belied (...) de
gebieten it negative etiket fan de 'krimp' oplevere [hat]. En dat wylst al sûnt 2015-2016 in
trend sichtber is dat wer mear minsken nei de minder drokke dielen fan Nederlân ferhúzje".*

Fraach 1:

*Is it kolleezje fan betinken dat de yndieling fan krimpregio's (en antisipaasjeregio's) mei de
nije sifers yntusken efterhelle is en dat wy belied nedich hawwe dat better oanslút op de
aktuele lokale situaasje, lykas mei de Regiodeals bart?*

Antwurd fraach 1:

It krimpbelied komt fan De Haach út en dat is formeel yn 2021 ophâlden. It bestiet dus net mear. Allinnich is de finansjele bydrage oan dy eardere krimpregio's wol mei in jier ferlinge. De Regiodeals foarmje ien fan de ynstruminten dêr't it Ryk mei bydraacht oan opjeften yn regio's. De ferwachting is dat dit ynstrumint nei oanlieding fan it nije regearakkoart opskald wurde sil.

Wy ûnderskriuwe it byld dat ek yn de ôfrûne jierren Fryslân wat mear groei fan ynwenners kend hat as ferwachte. Oer de ôfrûne trije jier trochsneed likernôch 1500 ynwenners groei it jier. Dat komt benammen troch ekstra asylmigraasje (as gefolch fan de ferhege taakstelling oangeande húsfêsting fan statushâlders, (wer)iepening fan AZC's en needopfanglokaasjes). Wat minder hat ek ekstra fêstiging út en minder fuortgean nei oare parten fan it lân foar dizze groei soarge.

Fraach 2:

Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it etiket 'krimp' in negatyf stigma jout oan ús gemeenten en dêrmei de takomst ûntjouwing fan ús mienskip yn guon gefallen beheine kin?

Antwurd fraach 2:

Yn de ôfrûne 10 jier is it tema 'krimp' en de mooglik negative gefolgen dêrfan foar foarsjennings, wurk en wenjen, op de aginda set en ûnderwilens troch in soad organisaasjes (w)erkend. De term krimp, en de status fan krimpregio, hat yn meardere opsichten syn nut bewiisd, ûnder oare fanwege finansjele stipe. De terminology ferskoot no mear nei 'krêftige regio's en 'brede wolfeart' en it giet no folle mear oer de gefolgen fan de feroarjende befolkingsgearstalling, lykas de fergrizing en de krapte op de arbeidsmerk. Ek mei in feroarjende befolkingsgearstalling moat wolfeart en wolwêzen op in heech nivo bliuwe kinne.

Fraach 3:

It nije regear sil de kommende tiid oan de slach moatte mei it regionale belied, sa skreau de Minister yn maaie 2021 oan de Twadde Keamer.

Is it kolleezje it mei de FNP iens dat it dan no it momint is foar de oerheden in Fryslân om mei-inoar de ynset foar de kommende jierren nei it regear ta te bepalen op basis fan it reële ferlet yn ús gemeenten, yn stee fan op grûn fan efterhelle prognoazes of te ambisjeuze doelstellingen? Soe it kolleezje syn ideeën op dat mêd mei ús diele wolle?

Antwurd fraach 3:

De provinsjale ynset op gebieten lykas wenjen, arbeidsmerk, soarch en ûnderwiis giet út fan it reële ferlet. Sa makket de provinsje al regionale wenningbou-ôfspraken op grûn fan ferlet. Utgongspunt foar it petear binne aktuele prognoazes en aktuele (feitlike) monitoaringsgegevens. Maatwurk dus, lykas ek yn ús útfieringsprogramma Wenjen stiet. Mar wol yn it ramt fan de omjouwingfisy, lykas troch PS fêststeld is. Boppe op de prognoazes wurdt der yn de ôfspraken al 30% ekstra romte jûn om faasje yn de wenningbou meitsje te kinnen. Binnen beboud gebiet is der ekstra romte.

Foar de wenningbou-opjefte is benammen de húshâldensûntwikkeling fan belang. Yn 2022 wurdt de Fryske befolkingsprognoaze aktualisearre, en binne mooglike effekten sichtber fanwege de oerdruk op de wenningmerk, it tanimmen fan ferhuzings nei Fryslân, it mear thúswurkjen fanwege Covid, mear arbeidsmigraasje, ensfh.

Wy geane yn de takomst troch mei it monitoaren fan de ûntwikkelings , en sille ús belied en ôfspraken mei gemeenten ôfstimme op eventuele nije ûntwikkelings yn befolking en húshâldens.


Fan belang is dat by de wenningbouplannen, passend by de aktuele wenningfraach, ek hielyd de takomstige befolkingsgearstalling meinaam wurdt by de ôfwaging foar hokker doelgroep(en) op hokker lokaasje wenten boud wurde moatte, en wêr't mooglik sloopt wurde kin. In wenning moat ommers op syn minst fyftich jier oantreklik bliuwe foar ús ynwenners.

Wy geane derfan út dat wy jo sa foldwaande ynformearre hawwe.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter


R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris

foar dizze, de loko-provinsjesekretaris